FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan bestjoer fan de
Feriening *Prot. Chr. Basisonderwijs (PCBO)*
Postbus 66
9200 AB DRACHTEN

Underwerp: It ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer yn *'t Foarhûs*

Drachten, 18 desimber 2006

Achte bestjoer en direksje,

Us is út it *Friesch Dagblad* fan 10 oktober 2006 in artikel ûnder eagen kommen oer it 25-jierrich bestean fan jimme skoalle. Us lokwinsken mei dat jubileum. Yn dat stikje trof ús lykwols benammen it neikommende:

Fries
Dorsman noemt zijn school een echte Nederlandse school. "Het klink misschien raar, maar Fries zijn wij allerminst. 80 procent van de leerlingen spreekt Nederlands." Goed, een half uurtje Friese les per week is verplicht, maar voor het overige staat het Fries op een laag pitje, geeft hij toe. Ja, hij weet van alle onderzoeken waaruit blijkt dat het Fries op scholen knap belabberd is. Maar móet het anders? "Ik heb het idee dat het vooral vanuit de provincie wordt gestimuleerd." Eigenlijk de omgekeerde wereld, vindt hij. "Het moet vanuit de ouders zelf worden bevorderd." [ein sitaat]

It is bekend dat men foarsichtich wêze moat mei wat in sjoernalist úteinlik fan in fraachpetear yn de krante opnimt. Lykwols steane der yn foargeande oanhaal sokke frjemde foaroardielen en misferstannen dat de *FFU* dat net oer syn kant gean litte kin. Jimme skoalle hat in Fryske namme, *'t Foarhûs*, mar wy hawwe net it idee dat dy namme de praktyk fan de skoalle wjerspegelet. It artikel ropt net it byld op fan in Frysk-freonlike skoalle: de namme blykt geveltsjefrysk te wêzen.

Wy binne dus knap kjel wurden fan dat sitaat en freegje ús ôf hoe 't it kin dat de direksje in, blykber noch net op skrift fêstleine en oan de ynspeksje foarleine, *taalpolityk* fiert dy't yn striid is mei alles wat ynternasjonale ferdraggen, de lanlike en de provinsjale oerheid freegje oan goed taalûnderwiis yn Fryslân. Wy geane op in stikmannich punten yn en sette dy yn it ramt fan de hjoeddeistige wet- en regeljouwing.

1. It Frysk nimt yn Nederlân in bysûndere posysje yn: it is de *iennichste* offisjeel erkende *minderheidstaal*. De Nederlânske oerheid hat him, troch it ratifisearjen fan it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen foar minderheden* (1996) ferplichte om it Frysk te beskermjen en te befoarderjen. It ûnderwiis spilet dêr in wichtige rol by. De ferplichtings dy't it *Europeesk Hânfest* meibringt, binne fierder útwurke yn de *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2010*. Underdiel fan dy oerienkomst is dat de ynspeksje geregeld ferslach útbringt fan de stân fan saken oangeande it twa- of meartalich ûnderwiis yn de provinsje Fryslân en dat dy dêr in tafersjochsramt foar ûntwikkelet. Jimme sille jimme dus ferantwurdzje moatte foar jimme dwaan en litten as it om it ûnderwiis yn it Frysk giet, want jimme hawwe gjin frijstelling fan de provinsje krige.

Mei de ratifikaasje fan it *Ramtferdrach Beskerming Nasjonale Minderheden* (2005) hat Nederlân boppedat de Friezen erkend is *iennichste* nasjonale minderheid fan Nederlân. Dy erkenning freget om in spesifyk belied foar de Friezen en harren taal en kultuer. Ek dat rekket it ûnderwiis, dus ek *'t Foarhûs*.

Direkteur Dorsman neamt syn skoalle in 'echte *Nederlandse* school' en bedoelt dêr foar 't neist in 'echte *Hollandse* school' mei. Of noch krekter: in 'echte *Hollandstalige* school'. De skoalle stiet lykwols yn *Fryslân*, in provinsje fan Nederlân mei in *eigen plak* yn de Europeeske en Nederlânske wet- en regeljouwing (sjoch boppe).

Dat hâldt ek yn dat de skoalle rjocht dwaan moat oan de offisjele twataligens fan dat part fan Nederlân. It Frysk heart dus op syn minst *lykweardich* en *lykberjochtige* (oan it Hollânsk) behannele te wurden. Dat freget om in *folweardich* fak Frysk op jimme skoalle dêr't yn prinsipe alle 6 wetlike kearndoelen (positive hâlding ûntwikkelje, ferstean, praten, wurdskat, lêzen en skriuwen) neistribbe en helle wurde moatte.

2. Neffens de direkteur soe 80% fan de bern op *'t Foarhûs* Hollânsk prate en dêrom 'zijn wij allerminst [Fries]'. Ek al soe dat persintaazje doge en net ymplisearje dat de measte bern passyf en/of aktyf twatalich (Hollânsk/Frysk) binne, dan soe der noch 20% oerbliuwe dy't der dus sûnder mear rjocht op hawwe om yn 't foarste plak en as earste ûnderwiis te krijen yn har memmetaal; ûnderwiis dat har geef Frysk praten en skriuwen leart.

Ut de ynternasjonale literatuer is boppedat bekend dat bern dy't in minderheidstaal prate, harren *identiteit* ferlieze as de skoalle harren taal ferwaarleazget en dat de measten sels in hekel krije oan de eigen taal as de skoalle en de oarstalige bern harren net yn de eigen memmetaal akseptearje. Op dy foet ferfrjemdet jimme 'echte Nederlandse school' de Frysktalige bern fan de eigen taal en kultuer. En de Hollânsktalige bern leare boppedat gjin respekt te krijen foar de Fryske taal en kultuer en de bern/minsken dy't ta de mienskip fan de Friezen hearre.

3. Yn itselde artikel seit de direkteur dat *'t Foarhûs* ynfolling jaan wol oan de *kristlike* identiteit: "Ieder mag zijn zoals hij zelf wil. We hebben oog voor álle kinderen." Ofsjoen fan de fraach oft dy útspraak wol in goede útwurking/omskriuwing fan de identiteit fan in kristlike skoalle is, hawwe wy net it idee krige dat de direkteur each hat foar de *Frysktalige* bern en dy falle dochs ek ûnder it begryp 'alle'. Pedagogysk sjoen is dat slim, want de Frysktalige bern kinne yn in wyk as *De Trisken*, mei yn mearderheid Hollânskpratende learlingen om har hinne, de eigen taal mei wyks in healoerke Frysk op skoalle *net oerein hâlde*!

Boppedat is de kâns ek noch grut dat se it etiket 'taalachterstand' opplakt krije, omdat se Frysk prate. Wol rinne se in efterstân yn it Frysk op, as dy taal op skoalle ferwaarleazge wurdt. Efterstannen binne hast altiten it gefolch fan *de wize wêrop't* it ûnderwiis, ek it taalûnderwiis, jûn wurdt. *Iensidich* en *dominant* Hollânsktalich ûnderwiis hat ek op wittenskiplike grûnen foar Frysk-/ oarstalige bern in ferkearde útwurking, omdat it de eigen taal net folweardich yntegrearret yn de oanpak.

Neffens it troch de Nederlânske Steat ratifisearre *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen foar minderheden* Europeesk moat ek in 'aanmerkelijk deel' (kêst 8) fan jimme ûnderwiis yn it Frysk (dus as fier- en ynstruksjetaal) jûn wurde. En dat is ek gâns mear as in healoerke Frysk as fak.

De *Ried fan Europa* stiet der by de Nederlânske oerheid op oan om earnst te meitsjen mei dat ‘substansjeel part’. Dat jildt ek foar jimme skoalle.

Op grûn fan it lêste ynspeksjerapport (‘*Frysk op skoalle. De kwaliteit fan it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân*’, 2006) kinne wy sizze dat op mar 3% fan de 463 basisskoallen de learlingen gjin Frysk prate. Dat is by jimme net it gefal. Jimme skoalle kin en moat dus *alle* doelen neistribje, benammen foar de Frysktaligen, en de oanpak dêrta ferantwurdzje yn in taalbeliedsplan dat op papier stiet.

3. Neffens de skoalle soe mar in ‘half uurtje’ *Frysk* yn ’e wike ferplichte wêze. De *Wet op it Primêr Underwiis* (WPO) lit him lykwols net út oer de te besteegjen ûnderwiistiid; foar gjin inkeld fak, dus ek net foar *Nederlânsk* en *rekkenjen*. Dat it foar it Frysk in ‘healoerke’ wêze soe, is dus in eigenaardich misferstân. Ferplichte en foarskreaun is it neistribjen fan de kearndoelen en dat freget fansels gâns mear tiid.

In reduksje ta in healoerke Frysk is dus net mooglik en yn striid mei kwantitatyf en kwalitatyf goed ûnderwiis yn it Frysk. Dat heart sadwaande net op ‘een laag pitje’ te stean. It moàt, sjoen it ymplisite, *bewust* tige negative taalbelied (sjoch sitaat) fan jimme skoalle, dus yndied ‘oars’ en gâns ‘better’. Jimme sille trochgeande learlinen foar it Frysk ûntwikkelje moatte en rekken hâlden mei ferskillen tusken learlingen. Jimme sille de foarderings yn dat fak by alle learlingen hifkje moatte en dat oanjaan yn it ûnderwiiskundich rapport. En jimme sille soargje moatte foar genôch learkrêften dy’t in foech foar Frysk besitte dat foldwaande is om dy ûntwikkelingsgong op it kwalitatyf en kwantitatyf goede wize wier te meitsjen.

4. Direkteur Dorsman achtet it in ‘omgekeerde wereld’ dat de *provinsje* it ûnderwiis yn it Frysk stimulearret. It is lykwols de *nasjonale* oerheid, de steat, dy’t de ferplichte fakken fêststelt (lykas ‘Nederlands’ en ‘Fries’) en net de provinsje. It is de taak fan de provinsje om as *earstferantwurdlike* oerheid foar de Fryske taal en kultuer derfoar te soargjen dat dy in goed plak yn it ûnderwiis kriget. Dy taakferdieling is op himsels neat mis mei. Op Europeesk nivo stiet de *Ried fan Europa* der al in jiermannich by de Nederlânske autoriteiten mei krêft op oan om serieus wurk te meitsjen fan it ûnderwiis yn it Frysk ‘at all levels of education and adopt concrete mearsures for its implementation’. Dêr sil *’t Foarhûs* ek net frij fan bliuwe kinne.

5. Net de provinsje, mar de *âlden* soene neffens it krantestikje it Frysk befoarderje moatte. Wy witte net oft de direksje of it bestjoer in ûnôfhinklik ûndersyk op *’t Foarhûs* útfiere litten hat nei wat de âlden tinke. En ek net oft de skoalle dat ek dien hat foar alle oare fakken of fakgebieten dy’t foarskreaun binne, lykas ‘Nederlands’, en *rekkenjen*. En *skiednis* as ûnderdiel fan ‘Oriëntatie op jezelf of de wereld’ of *tekenjen* as ûnderdiel fan ‘Kunstzinnige oriëntatie’. Of ‘Geestlijke stromingen’ as ûnderdiel fan ‘Mens en samenleving’. Wy neame mar wat leargebieten mei eigen kearndoelen. Wy skatte lykwols yn dat soks net it gefal west hat en dan komt it by ús frjemd oer om dat by *dit iene* ferplichte fak wol fan de âlden te freegjen. De direksje ropt by ús dan it byld op fan in skoalle dy’t him ferskûlet efter in anonime groep âlden om him foar syn eigen kultuerpedagogyske en didaktyske ferantwurdlikens wei te winen.

It pedagogysk-ûnderwiiskundige, sosjaal-maatskiplike, kulturele en taalpolitike *belang* fan de Fryske taal en kultuer (sjoch boppe ús skets fan de ynternasjonale, nasjonale en provinsjale erkenning dêrfan) giet yn Fryslân fansels ek fier út boppe de *yndividuele* belangen of ynteressen fan âlden. It oantsjutte ramt mei syn rjochten en plichten kin op gjin inkelde wize redusearre wurde ta (allinnich)

in saak fan de âlden. Gjin inkeld wetlik foarskreaun fak is ôfhinklik fan it feit oft âlders dêr wol of net wat foar fiele. Dat soe no echt de ‘omgekeerde wereld’ wêze.

Mar ek âlden steane faak positiver foar it ûnderwiis yn it Frysk oer as *skoaldireksjes* wol tinke. Sawol yn it basisûnderwiis as yn it fuortset ûnderwiis ûnderskatte direksjes it belang dat âlders takenne oan it fak Frysk. De measte direksjes tinke dat âlders Frysk net belangryk achtsje, wylst dat yn werklikheid mar jildt foar in *kwart* fan harren. De grutte mearderheid tinkt der dus oars oer. Harren opfettings wurdt mar komselden nei frege (‘Frysk op skoalle’, 2006, s. 33). Alders kinne, njonken de ynspeksje as fertsjintwurdiger fan de oerheid, der fansels wol op oantrúnje dat der *kwantitatyf* en *kwalitatyf goed* ûnderwiis jûn wurdt yn de Fryske taal en kultuer as skoallen der in potsje fan meitsje. Dêrom is it ek goed dat de ynspeksje in toetsingsramt ûntwikkelet.

It soe lykwols net de earste kear wêze dat sokke âlden nul op it rekest krije by skoallen mei in negative taalhâlding foar it Frysk oer. Alden kinne troch direksjeleden of learkrêften dy’t sa’n hâlding hawwe, benaud makke wurde dat ûnderwiis yn it Frysk ta skea wêze sil fan oare learprestaasjes fan har bern. As de skoalle lykwols syn *didaktyske* taken goed útfiert - tink ek oan it slagge eksperimint mei de *trijetalige* skoallen yn Fryslân - dan is dat net it gefal. Krekt oarsom, dan binne de risseltaten net minder - ek bûtenlânske foarbylden jouwe dat aan - en hawwe de bern tagelyk in nasjonale ‘minderheidstaal’ der goed byleard of har dêr fierder yn ûntwikkele.

Ofslutend:
It byld dat út it artikel oer *’t Foarhûs* nei foaren komt, is op it stik fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer perfoarst net posityf te neamen. It soe ek op grûn fan jimme *kristlike* identiteit oars en better moatte. Wy hoopje dat ús reaksje op it krantestikje jimme oan it tinken sette sil en dat soks op ridlik koarte termyn liede sil ta fikse stap foarút as it giet om de Fryske taal en kultuer (ynklusyf de *Fryske skiednis* dy’t neffens it *hânfêst*, kêst 8, likegoed ferplichte is). Wy ferwachtsje fan jimme te hearren dat it yndied dy kant op moat en dat jimme der wurk fan meitsje sille.

Yn ôfwachting fan jimme reaksje.

Mei achtinge,

drs. T. Dykstra, foarsitter *FFU*
drs. S.T. Hiemstra, skriuwer *FFU*

Yn ôfskrift nei:
de direksje fan kbs *’t Foarhûs*
Dorsvloer 3
9205 BN DRACHTEN